

FRYSKE AKADEMY  
TAALKUNDICH WURKFERBÂN

Ljouwert, 6 oktober 2006

Oan de leden fan it Wurkferbân.

Achte leden,

It Taalkundich Wurkferbân organisearret dit jier foar it earst de **Dei fan de Fryske Taalkunde**. De dei - better sein: de middei - is ornearre foar elkenien dy't direkt of yndirekt dwaande is mei de taalkunde fan it Frysk: grammatika, fonetyk/fonology, nammekunde, leksikology, sosjolingwistyk, histoaryske taalkunde, folle net genôch.

**Wannear:** freed 27 oktober 2006  
**Wêr:** Fryske Akademy, It Aljemint, Doelestrjitte 2-4,  
Ljouwert  
**Tiid:** fan 12.25 oant 17.25 oere

Jimme wurde hjirby fan herten útnoege om dizze dei by te wenjen. De wurklist en in gearfetting fan de lêzingen sitte hjirby.

Graach oant sjen op 27 oktober.

Willem Visser,  
skriuwer Taalkundich Wurkferbân.

## WURKLIST

- 12.25 Iepenjen
- 12.30 Arjen Versloot en Karel Gildemacher (Fryske Akademy-KNAW), *Taal en geografie: de mooglikheden fan Geografyske Ynformaasje Systemen foar de analyse fan taal*
- 13.15 Renée van Bezooijen (Radboud Universiteit Nijmegen), *Het gedistingeerd Nederlands en de huig-r in het Leewarders*
- 13.45 Rolf H. Bremmer Jr (Universiteit Leiden), *Friese leenwoorden in het Nederlands*
- 14.15 Skoft
- 14.35 Siebren Dyk (Fryske Akademy-KNAW), *Krinten út it Amelânsk*
- 15.05 Jarich Hoekstra (Christian-Albrechts-Universität, Kiel), *Ta it besitlik foarnamwurd yn it Fering-Öömrang (Noardfrysk)*
- 15.35 Gertjan Postma (Meertens Instituut-KNAW), *The Decline of the Negative clitic ne in Old Frisian and in the Middle Dutch of Frisia, Drenthe, and Holland*
- 16.05 Skoft
- 16.25 Reinier Salverda (Fryske Akademy-KNAW), *Topikalisatie in het Fries*
- 16.55 Bouke Slofstra (Grins), *Mei it morfo-spul boartsje*
- 17.25 Sluten

It liket it bestjoer aardich ta om nei ôfrin mei-inoar nei *De Brasserie* ta te gean, dêr't wy de petearen yn in ynformele sfear fuortsette kinne.

### **Taal en geografy: de mooglikheden fan Geografyske Ynformaasje Systemen foar de analyse fan taal**

Arjen Versloot en Karel Gildemacher - Fryske Akademy-KNAW

Sûnt in pear jier wurde, nêst it besteande dialektmateriaal út de 19<sup>e</sup> en 20<sup>ste</sup> ieu, dat foar dat doel garre is, ek oare boarnen, benammen de ier-Nijfryske teksten, brûkt foar ûndersyk nei it Frysk en syn diatopysk ferskaat.

Yn dit ferhaal sil yn rûge halen de metoade noch in kear bylâns gien wurde: fan tekst nei histoaryske dialektkaart. Sokke kaarten binne net it iennichste dat jo geografysk sjen litte kinne. Troch de kombinaasje fan 5 útsochte ynformaasjelagen falt bygelyks ek in goede gok te meitsjen oer de geografyske lokalisaasje fan de Burmania-sprekwurden.

Undersyk nei clusters fan plaknammen (yn romme betsjutting) en/of typen toponimen kin net sûnder in geografyske komponint. Mei't toponimen nei in geografyske entiteit ferwize, is de keppeling fan namme en plak fan fundaminteel belang. Geografyske ynformaasjesystemen meitsje it mooglik om mear en kreker ynformaasje te keppeljen.

Dy ynformaasje leveret ek in bydrage oan it ynsjoch oangeande de semantyske komponint fan de elementen dy't op in bepaald stuit, ûnder beskate kondysjes, troch sekere persoanen brûkt binne.

As foarbyld(sje) fan de oanpak tsjinnet û.o. in kaart mei delsettings- en hûsnammen eingjend op it Aldfryske elemint *werua* (Nijfrysk *wier*) binnen de moderne grinzen fan Fryslân, foar safier't dy nammen foar 1550 oerlevere binne. Fierder sil der wat ferteld wurde oer metodologyske kwestjes, oer fragen by de analyse fan it korpus en wurdt it type - alles hiel koart om 'e bocht - yn in Westeuropeesk ramt pleatst.

### **Het gedistingeerd Nederlands en de huig-r in het Leewarders**

Renée van Bezooijen - Radboud Universiteit Nijmegen

Een niet-verwaarloosbare minderheid van de sprekers van het hedendaagse Leewarders spreekt met een huig-*r*, dat wil zeggen dat ze de *r* niet vóór in mond uitspreken, zoals gebruikelijk in het Fries en de Nedersaksische dialecten, maar áchter in de mond, ter hoogte van de huig. Een dergelijke *r* wordt ook wel een brouw-*r* genoemd. Een interessante vraag is hoe en wanneer deze huig-*r* in het Leewarders terecht is gekomen. Op grond van een socio-fonetisch-historische analyse (voor meer details, zie Van Bezooijen 2006) ben ik tot de conclusie gekomen dat het meest

aannemelijke scenario inhoudt dat de Leewarder huig-r afkomstig is uit het taalgebruik zoals dat rond 1900 in grote steden als Haarlem, Dordrecht en Arnhem door de hogere klassen werd gebezigd.

In mijn lezing zal ik nader ingaan op de kenmerken van deze klassegebonden spreekstijl. Als uitgangspunt zal ik gebruik maken van een audio-opname die in 1960 is gemaakt van de journalist/schrijver Alexander Cohen. Alexander Cohen is in 1864 geboren en heeft tot zijn achttiende in Leeuwarden gewoond. Daarna heeft hij in de Randstad gewoond en in Frankrijk. Zijn spraak zoals geregistreerd op 96-jarige leeftijd vertoont alle kenmerken van het gedistingeerd Nederlands van het begin van de twintigste eeuw zoals beschreven door onder andere Van Haeringen (1949) en Kloeke (1952). De huig-r is er onlosmakelijk mee verbonden.

Ik zal aannemelijk maken dat de Leewarder huig-r via het contact (internaten, universiteit, verhuizing, familiebezoek) van de Leeuwarder bovenlaag met de bovenlagen van andere steden in het Leewarders terecht is gekomen. Naarmate het Leewarder stadsdialect in de loop van de twintigste eeuw aan prestige heeft verloren en meer en meer geassocieerd is geraakt met de lagere sociale klassen, is ook de glans van de Leewarder huig-r verbleekt. Uit een enquête kwam naar voren dat veel sprekers van het Leewarders nu een negatieve attitude hebben tegenover deze ooit zo prestigieuze spraakklank.

#### *Referenties*

- Bezooijen, R. van (2006), *Het raadsel van de ratelaar. Rondom de r in het Leewarders en het Fries*. Leeuwarden/Ljouwert: Fryske Akademy
- Haeringen, C.B. van (1949), 'Gedistingeerdheid in taal', in: *De Nieuwe Taalgids*, 42, 1-10.
- Kloeke, G. (1952), 'Beschaafdentaal', in: *Tijdschrift voor Nederlandse Taal- en Letterkunde*, 57, 15-56.

#### **Friese leenwoorden in het Nederlands**

Rolf H. Bremmer Jr - Universiteit Leiden

Tik *klunen* in op de zoekmachine van je PC en je zult verbaasd staan hoezeer dit vrij jonge Friese leenwoord tot in de meest onverwachte hoeken van het Nederlandse taalgebied (ja, tot over de landsgrenzen) is doorgedrongen. Hoe zit dat eigenlijk met Friese leenwoorden in het Nederlands? In haar *Chronologisch woordenboek* (2001) presenteert Nicoline van der Sijs een lijstje van 26 Friese leenwoorden die ze digitaal uit het *Woordenboek der Nederlandse Taal (WNT)* en andere woordenboeken gevist heeft. Met dit lijstje als uitgangspunt wil ik (a) bezien op grond van welke criteria Nederlandse woordenboeken een woord als Fries beschouwen, en (b) om welke redenen Friese woorden geleend worden. Het zal blijken dat op grond van mijn bevindingen de lijst van Van der Sijs in aanmerking komt voor enige aanpassing.

### **Krinten út it Amelânsk**

Siebren Dyk - Fryske Akademy-KNAW

Ien fan 'e Frysk-Nederlânske mingdialekten is de taal fan it eilân Amelân. Op dit stuit wurdt oan 'e Fryske Akademy in manuskript fan 'e dit jier ferstoarne Anton Oud klearmakke foar publikaasje. It sil in folle wiidweidiger wurdboek wurde as Oud syn earste (*Woa'deboek fan ut Amelands*, 1987). It trochsjen fan it manuskript jout jin it foarrjocht om op it grammatikale mêd ek in pear nijsgjirrige observaasjes te dwaan. Dy woe ik net foar my hâlde, al wie it mar omdat oer it dialekt oant no ta net folle publisearre is.

### **Ta it besitlik foarnamwurd yn it Fering-Öömrang (Noardfrysk)**

Jarich Hoekstra - Christian-Albrechts-Universität, Kiel

As iennichste fan 'e Noardfryske dialekten hat it Fering-Öömrang twa rigen fan meartallige besitlike foarnamwurden. Njonken de koarte foarmen *üüs*, *jau* en *hör* steane de lange foarmen *üsens*, *jamens* en *hören*. De lêsten binne gearstald út 'e objektfoarm fan it persoanlik foarnamwurd en in genityfútgoing. As regel foar de distribúsje fan 'e twa foarmen wurdt yn 'e grammatika's ornaris opjûn, dat de koarte foarmen famylje of húshâlding oantsjutte (*üüs mam* 'ús mem'), wylst de lange foarmen op gruttere mienskippen slagge (*üsens eilun* 'ús eilân'). Dy regel is lykwols gauris slim tepas te bringen. Boppedat liket de praktyk yn 'e literatuer der ek net altyd mei te striken. It hat sadwaande doel om nochris mei sin nei tegean, wêr't dy saneamde distribúsje op tebekgiet, benammen ek om't dat jin moolk in oanwizing jout, wêrom't har njonken de oarspronklike koarte foarmen fan it besitlik foarnamwurd yn it Fering-Öömrang überhaupt nije lange foarmen ûntjûn hawwe. Ik wol der yn myn lêzing op út dat der ferlet kaam fan 'e nije meartallige foarmen fan it besitlik foarnamwurd, om't de koarte foarmen semantysk en syntaktysk ûnmarkearre waarden foar meartal ([u plur]), wat wer gearhong mei it affektyf brûken fan dy lêste foarmen by sibskipsoantsjuttingen.

### **The Decline of the Negative clitic *ne* in Old Frisian and in the Middle Dutch of Frisia, Drenthe, and Holland**

Gertjan Postma - Meertens Instituut-KNAW

We study the decline of the preverbal negative clitic *ne/en* (cf. Jespersen's cycle) using corpora of Old Frisian, and Middle Dutch from Frisia, Drenthe and Holland. The first finding is that the decline of the negative clitic is earliest in Netherlandic texts from Frisia and Drenthe. The second finding is that drop of the clitic is sensitive to the distinction between lexical verbs and

auxiliary verbs in the Netherlandic texts from Frisia and Drenthe:  
in fronted

position, only auxiliary verbs can carry the *ne*-clitic. The effect can be compared to English clitic negator *n't*, that only attaches to auxiliary verbs. These data are contrasted with data from studies of Flemish (Vd Horst & Vd Wal 1978), Hollandish and Brabantish (Burridge 1999) and Old-Frisian (Bor 1990). Neither the Old Frisian texts (eastern and western texts alike) nor the Dutch texts display the auxiliary effect. The only effect is the so-called VdHorst-VdWal effect that decline of the clitic is retarded in embedded contexts. We will develop a geo-diachronic scenario that explains these facts.

An important ingredient is that in the contact areas of the Frisian and Dutch variants, the auxiliary effects show up: the Frisian cities and Drenthe. However, they show up in two distinct shapes: System1 and System2 respectively. System3 is the system of Dutch/Flemish and Old-Frisian.

Negation doubling in *niet/naet/nawet* 'not' contexts:

**System1**            *C*            *Vfinal*

*Aux*                yes            yes  
*Lexical*            no            yes

**System2**            *C*            *Vfinal*

*Aux*                yes            no  
*Lexical*            no            yes

**System3**            *C*            *final*

*Aux*                yes            yes  
*Lexical*            yes            yes

We will discuss two interpretations of these data.

1. the auxiliary-effect is not original but a consequence of language contact between Frisian and Dutch. This might explain that distinct systems arise in the Netherlandic texts from the Frisian cities and Drenthe.

2. the auxiliary effect is an original feature of a linguistic substrate in the Northern Low countries, but not of Old-Frankic or Old-Frisian. The decline of the clitic in all Germanic varieties originates from an alleged optionality of the clitic when the substrate System1 or System2 are perceived by System3-speakers. This explains that the decline/optionality spreads from the north to the south or from Westerland Frisia to East-Frisia. Moreover, the

VdH-VdWal effect can be explained if we ignore the aux-effect in System1: in C-position the *ne*-clitic is underrepresented.

### **Topikalisatie in het Fries**

Reinier Salverda - Fryske Akademy-KNAW

Op basis van het Friese topikalisatie-materiaal dat ik verzameld heb uit de recente biografie van Tiny Mulder (Geart de Vries, *Foar alles is in tiid*, Ljouwert, 2006) wil ik hier een analyse geven van de grammaticale eigenschappen van deze syntaktische constructie. Daarbij ga ik in op de verschillende analyses die er van deze constructie gegeven zijn in de bestaande grammatica's van het Fries. Dit ook met het oog op de vraag hoe deze constructie behandeld zou moeten worden in een Friese ANS.

### **Mei it morfo-spul boartsje**

Bouke Slofstra - Grins

Yn in wurdboek kin men wurden opsykje dy't op alfabet oardere binne. Alle wurden dy't mei *op-* begjinne steane efterinoar. Dit is noflik foar de 'gewoane' brûker, mar ek foar de taalkundige.

Yn in omkearwurdboek fynt men wurden yn de alfabetyske folchoarder fan de einichste letters. Alle wurden dy't op *-er* einigje, binne moai byinoar swile. Taalkundigen fine soks prachtich.

Yn it Morfo-projekt binne sa'n sechtichtûzen Fryske wurden byinoar fandele en yn stikjes knipt. Dat giet mei help fan in databank-programma op de kompjûter. No ha wy samar alle wurden byinoar dy't mei *op-* begjinne en mei *-er* einigje: *oplizzer*, *opsizzer*, *optuter*.

It is dúdlik dat it Morfo-bestân de ûndersiker nije mooglikheden biedt om ynformaasje oer Fryske wurdfoarming op te sykjen.

Bygelyks it folgjende. Nije wurden binne faak makke op grûn fan besteande wurden. Dat kin ornaris troch ôflieding wêze

(*op-lizz-er*) of troch gearsetting (*boere-pleats*). In apart gefal fan ôflieding is konverzje: it 'nije' wurd hat deselde foarm as it âlde, mar in eigen wurdsoarte. *Jûn* (adv.) yn "ik sil *jûn* komme" is in konverzjefoarm fan *jûn* (de-subst.) yn "de *jûn* is kâld en tsjuster". Hoe faak fine wy soks yn it Frysk? Wat kinne wy fan wat ôfliede? In wurdboek sil it antwurd net gau jaan, mar Morfo tsjoent ús de feiten samar foar de eagen.

Wy sille oan de hân fan it boppesteande wat ompiele en berneboartsje mei it nije Morfo-bestân.